

SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

Fan	:	<i>Klaas Visser, FNP Súdwest-Fryslân</i>
Datum fan yntsjinjen	:	31 july 2017
Oan (<i>kar</i>)	:	✕ It kolleezje fan boargemaster en wethâlders
Ûnderwerp	:	Utwreiding stâl Himmelum
Wize fan beântwurding	:	✕ Skriftlik (binnen 30 dagen)
Datum tuskentiids antwurd (<i>as it fan tapassing is</i>)	:	
Datum beantwurding	:	

Taljochting:

Ynwenners fan Himmelum en omkriten hawwe soargen foar de folkssûnens at de útwreiding fan de bargefokkerij, dy't ticht by it doarp oan De Soal stiet, trochgiet. Der is in oanfraach ta útwreiding yntsjinne sa ha we begrepen.

It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen :

1.	<p>Wurde nije grutte yntinsive fokkerijen / mesterijen wegere, mar útwreiding fan besteande bedriuwen tastien?</p> <p><u>Antwurd: Nije yntinsive fokkerijen of mesterijen binne net tastien. Útwreiding fan besteande bedriuwen is wol tastien oant in maksimum fan oardel hektare.</u></p>
2.	<p>De wenomjouwing by dit type bedriuwen hat, tige aktueel yn de provinsje Brabân, lêst fan stank, fijnstof en syktekiemen. Diele jo dizze soargen fan de omwenjenden.</p> <p><u>Antwurd: Wy diele dizze soargen al is de situaasje fan Brabân net represintatyf foar de rest fan Nederlân. De situaasje yn East-Brabân is net ferlykber mei de situaasje yn Súdwest-Fryslân. Yn East-Brabân stiet neist in hinneskuorre in hinneskuorre fan de buorman dy't ferfolgens neist de bargestâllen fan de oare buorman stean. Dit is as ik nei rjochts sjoch; sjoch ik nei lofts dan is dêr in selde situaasje. Binnen in straal fan 500m fan in boargerwenning stiet altyd 1 of meardere barge- en hinneskuorren. Oftewol ast yn East-Brabân fanút in boargerwenning nei bûten sjochst, sjochst fanút elk finster hast in barge- of hinnestâl. Trochdat de bedriuwen faak oan elkoar grinze is de kâns op bistesykten en sa ek grutter. Dêrneist grinzet de omjouwing oan it Ruhrgebiet yn Dútslân. De luchtkwaliteit wurdt ek fanút Dútslân beynfloede. Ek is de ferkearsyntinsiteit yn East-Brabân folle heger. Ek it ferkear hat ynfloed op de luchtkwaliteit.</u></p> <p><u>Yn Fryslân is de luchtkwaliteit goed en binne folle minder "fijnstofdeeltjes" yn 'e lucht en de luchtkwaliteit is nea in swierrichheid. De "niet-grondgebonden" bedriuwen in ús gemeente lizze meastal solitêr en it komt hast net foar dat der twa bedriuwen neist elkoar stean. Yn ús gemeente binne de measte "niet-grondgebonden" bedriuwen ûnderdiel fan in mingd bedriuw. Faak is der in kombinaasje mei in akkerbou- of soms in feehâldersbedriuw.</u></p> <p><u>Tidens de presintaasje fan it rapport waard ek mei-ien oanjûn dat it rapport net represintatyf is foar heel Nederlân en dat de útkomst derfan net kopieard wurde mocht foar oare delen fan Nederlân.</u></p>

3.	Falt de oanfraach foar útwreiding ûnder it besteande belied Bûtegebiet fan SWF <u>Antwurd: Nee, de útwreiding fan it bedriuw falt net ûnder it belied fan it Bûtengebiet fan SWF. Yn 2010, foar de weryndieling hat de gemeente Nijefurd al in beslút nommen om mei te wurkjen oan dizze útwreiding. Derneist hat de gemeenteried fan Súdwest-Fryslân op 6 maart 2014 in beslút nommen om de koördinaasjeregeling ta te pasjen.</u>
4.	Past de foarnommen útwreiding yn it Provinsjaal belied <u>Antwurd: De útwreiding past net yn it Provinsjaal belied. Nei oanlieding fan 'e diskusje oer megastallen yn Nederlân hat de provinsje in beliedstik opstelt. Yn novimber 2013 hat in delegaasje fan it kolleezje fan Deputearre Steaten it bedriuw besocht en tasein dat se foar dit unike bedriuw in útsûndering meitsje wol.</u>
5.	Foldocht de oanfraach oan de útgongspunten fan it nije belied Bûtegebiet fan SWF <u>Antwurd: Nee, de útwreiding past net yn de útgongspunten fan it Bûtengebiet. Foar mear ynfo sjoch it antwurd by fraach trije.</u>
6.	Hoe en wannear wurde de beswiermakers, 'it doarp' en de gemeenteried ynformearre oer de gong fan saken, fuortgong fan it proses en mooglikheden ta ynspraak. <u>Antwurd: De beswiermakers ha de gelegenheid hân om in sjenswize yn te tsjinjen tsjin it bestimmingsplan Bûtengebiet SWF. It bestimmingsplan hat oant en mei 26 july op besjen lein. De útwreiding fan it bedriuw is opnommen yn it bestimmingsplan. Eltsenien koe in sjenswize yntsjinje (in protte minsken ha der gebrûk fan makke). De fêststelling fan it bestimmingsplan sil yn oktober oan 'e ried foarlein wurde. Foar it bedriuw is in oanfraach omjouwingsfergunning yntsjinne, foar de aktiviteiten bouwe en milieu. De konseptfergunning leit ynkoarten op besjen. Dit wurdt op 'e gebrûklike wize bekend makke en kin in sjenswize yntsjinne wurde.</u>
7.	Wannear wurdt de oanfraach foarlein oan de gemeenteried <u>Antwurd: De oanfraach omjouwingsfergunning wurdt net oan 'e ried foarlein. De ried hat op 6 maart 2014 al ynstimd mei dizze ûntwikkeling en it is no oan it kolleezje.</u>

Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):